

Hans Brans

Hoe grutsk wie Pier?

komysk-earnstich-historysk-musyk-teater-stik
foar bern fan 10 oant 15 jier

FRYSKE FERZY

oersetting: Lolkje Hoekstra

Haemon Pers

De lietteksten binne ferfryske troch Baukje Miedema,
de oare teksten troch Lolkje Hoekstra.

© Hans Brans

Weidum, 2002

hans.brans@planet.nl

*Niets uit deze uitgave mag worden
vermenigvuldigd of opgevoerd
zonder schriftelijke toestemming
vooraf.*

Auteursrechtenbureau Bredero

Valeriaanstraat 13

1562 RP Krommenie

070 6409076

stichting.bredero@xs4all.nl

Foarwurd

'Hoe grutsk wie Pier?' fertelt it ferhaal fan de bekende Fryske folksheld Grutte Pier út Kimswert. Nei't plunderjende soldaten him berôve hienen fan alles wat der hie, fierde hy as 'admiraal fan de Súdersee' mei syn lotgenoaten in ferleme striid tsjin Bourgondiërs en Hollanners. It wie de tiid fan Karel V, noch foar de Tachtichjierrige Oarloch. De reus Pier ferlear net ien slach, mar de frijheid fan Fryslân kaam net in stap tichterby.

Wa wie die kolossale man út Kimswert eins, dy't mei syn enorme swurd focht foar de frijheid fan syn heitelân? Pier wie in wreed man yn in wrede tiid.

Fjochtet de 'admiraal fan de Sudersee' dy't net te ferslaan is, foar in ideaal? Of is hy neat mear as in seerôver dy't him wreke wol foar it ûnrjocht dat him oandien is?

Hilligt it doel alle middels?

Yn seis sênes wurde in oantal beslissende mominten út Piers aventoerlike libben toand.

Hieltyd binne it jonge minsken dy't Pier konfrontearje mei syn dieden. Hy moat kieze, mar wat? Oan wa's kant stiet hy? Hoe lang hat it fjochtsjen noch sin? Hoe moatte we frij wêze?

Fansels is der in soad te belibjen yn dit stik. Pier slacht doarren yn as hy syn sin net kriget, rekket belutsen by in felle rûzje tusken heit en dochter en rêdt in nar út de klauwen fan syn bedrigers. Úteinlik komt hy ta in kar, mar lokkich wurdt hy der net fan...

It stik is geskikt foar 18-30 jongeren yn de leeftyd fan 10 oan't ûngefear 15 jier. Net allinnich foar jonges, ek foar famkes binne wichtige rollen weilein.

Foar jo leit in folsleine Fryske tekst, mar der is ek in Nederlânske ferzy.

De brûkers kinne sadwaande sels kieze oft se it stik yn it Frysk, it Nederlânsk of in mingeling fan de twa talen spylje. It lêste is faaks it moaist. It wurdt dan oanrieden om yn elts gefal Grutte Pier en syn trawanten (Grutte Wierd en de seemanlju) yn it Frysk spylje te litten en oaren (lykas de Hear fan Arkelen) yn it Nederlânsk.

Hans Brans

Weidum, septimber 2002.

Personaazjes

Pier Gerlofs	<i>alias Grutte Pier, admiraal fan de Sudersee</i>
Grutte Wierd	<i>stjoerman fan Grutte Pier</i>
Frou Hermine van Martena	<i>frou fan Hessel Martena</i>
Juffer Hillie van Martena	<i>dochter fan Hessel Martena</i>
Gertrude Botnia	<i>suster fan Hermine Martena</i>
Hear Arnold van Arkelens	<i>Stedhâlder fan de hertoch fan Gelre</i>
Boade	<i>oan it hôf fan de stedhâlder fan Gelre yn Snits</i>
Famke	<i>oan it hôf fan de stedhâlder fan Gelre</i>
Hear Jancko Douwama	<i>Frysk edelman</i>
Janny Douwama	<i>syn dochter</i>
Nar	<i>mei de bynamme 'Graaf fan Leagendam'</i>

Seelju (*Friezen*)

NB	Seeman 1	<i>stammert</i>
	Seeman 2	<i>seit inkeld "Oei, oei, oei"</i>
	Seeman 3	<i>praat tige lêbich</i>
	Seeman 4	<i>is altyd enthousiast en snel</i>
	Seeman 5 en 6	<i>prate altyd tagelyk en dogge ek alles tegearre</i>
	Seeman 7	<i>is hyltyd wer oars</i>

Matroazen	<i>Hollanners en Bourgondiërs</i>
Boargers	<i>yn Gelderlân</i>
Soldaten	<i>fan Graaf Karel fan Gelre</i>
Soldaten	<i>fan Karel de V, graaf fan Bourgondië, hear der Nederlannen, kening fan Spanje en keizer fan it Hillich Roomske Ryk</i>

KOAREN:	Dolfinefamylje
	Koar fan Fammen
	Koar fan Dogeneaten
	Koar fan Boargers

Sêne 1 - Slach op de Súdersee

(Op de Sudersee, simmer 1515, moai waarke. In groepke Dolfinen komt tichterby, swimmend en boartsjend.)

KOAR FAN DOLFINEN: Wy spartelje, wy dartelje
fleurich wrimelje wy yn it wetter
it wetter fan de Sudersee
wy spatterje, wy kwatterje
fan o jûchee, holadi jee
yn it wetter fan de Sudersee

DOLFYNTSJE DOLLY: Hoi, en no it refrein? *(Har mem knikt fan ja)*

KOAR FAN DOLFINEN: o, it is sa dol, fyn ik, sa dol
dat ik in dolfyn bin
o it is sa dol, fyn ik, sa dol
dat ik yn it wetter fisk bin

DOLFYNTSJE DOLLY: Memmy, wêr is de Sudersee?

DOLLY'S MEM: Tusken Fryslân en Hollân, leave Dolly.

(refrein wurdt sûntsjes werhelle)

DOLFYNTSJE DOLLY: Dolfyntsjes yn it hege Noarden?
Wy binne dochs fiersten te fyn foar sokke rûge oarden?

DOLLY'S HEIT: Net yn fyftjinhûndert tsien

DOLLY'S MEM: *(sunichjes)*...fyftjinhûndert fyftjin...

DOLLY'S HEIT: sis ik - yn fyftjin fyftjin wie der gjin see
wêryn't dolfinen net sjoen waarden.

DOLLY: Net?

DOLLY'S MEM: Wol, wol sjoen.

DOLLY'S HEIT: Sis ik.

(Refrein as earste kûplet; ynienen jout Dolly in hege gjalp)

DOLLY: Acchh! Sjoch dêr!
(fan links komt in Hollânsk skip tichterby)
Achhh! En dêr!

(fan rjochts komt ek in lytser Frysk skip tichterby. De matroazen stoarje strak oer de see út, oan't de tosken bewapene.)

- KOAR FAN DOLFINEN: O wat ik net fyn, net sa dol fyn
as gjin fisk yn't wetter fyn ik
(se lûke har benaud werom)
- GRUTTE WIERD: De seilen reefje! Sjoer om nei bakboard!
- SEEMAN 4: Wy sille se krije!
- MATROAS 1: Draaie!
- SEEMAN 7: Wy sille se ha!
- MATROAS 2: Te let!
- SEEMAN 5 EN 6: Wy sille se leare!
- MATROAS 3: Wy gean deroan!
- GRUTTE PIER: Foar in frij Fryslân! *(Pier heeft it swurd) Enterje!!*
(De skippen reitsje inoar. De moatroazen stoarte har mei geweld op it oare skip, mei swurden, dolken en kneppels. Ek Pier fjochtet mei. Under it fjochtsjen wurdt syn swurd hyltyd langer, sadat net ien tichtby komme kin. Grutte Wierd bliuwt oan it roer. Fan de Hollânske seelju wurde guon deastutsen, oaren springe it wetter yn, wer oaren wurden finzen nommen.)
Wêr is de kaptein? *(Pier fynt de kaptein fan it skip en stekt dy dea. De Hollânsk-Bourgondyske flagge wurdt ynhelle en ferfongen troch de Fryske. Underwilens wurde de finzen nommen seelju op in rige set.)*
- GRUTTE WIERD: Manlju! It skip is fan ús.
- GRUTTE PIER: *(plante it swurd yn it hout wêr't it triljend stean bliuwt)* De slach is levere. Hoe stiet it mei de oaren?
- GRUTTE WIERD: Trije skippen binne ferbrând, njoggen ha wy bútt makke, mei lading en bemanning en al en fiif skippen fan dy ferrekte Hollanners binne ûntkommen.
- GRUTTE PIER: En ús ferlies?
- GRUTTE WIERD: Ien skip fan ús is ferlern, dat fan kaptein Watze Wiegersma. Ik ha begrepen dat se him oerboard goaid hawwe.

GRUTTE PIER: *(wurdt poer)* Fergeemje noch oan ta. De kloatsekken! Dy smoarge smearlappen, ik sil se leare. Ik sil se krije! *(De oare seelju dy't bliid en grutsk wiene mei har oerwinning, sjogge fernuvere op.)*

GRUTTE WIIRD: Mar Pier! Wy ha wûn!

SEEMAN 4: Lykas altyd!

SEEMAN 1: It is wol spitich foar Wiegersma, fansels.

SEEMAN 7: Mar ja, dat is...eh, hoe neame se dat ek al wer?

SEEMAN 5 EN 6: It risiko fan it fak?

SEEMAN 4: Krekt!

GRUTTE PIER: Blikstienders *(noch mear skelwurden)*, ik sil se krije, dy hufferige Hollanners, de hûnen, ik sla se oan stront.

SEEMAN 3: *(dimmen)* No, no, moat it no sa mâl?

GRUTTE PIER: Watze, wiest myn bêste freon.

SEEMAN 5 EN 6: *(fernuvere)* O.

SEEMAN 3: *(fernuvere)* Soa.

GRUTTE WIIRD: Pier, ik bedoel, hear admiraal. Wat dogge wy mei dizze? *(Hy wiist op de finzen matroazen.)*

GRUTTE PIER: Wat tocht dy! Wraak foar Wiegersma! Fuotten spiele! *(De seelju jûche ie alderhuerst. Tsjin Wierd)* En sjoch do marris even watfoar bût wy hawwe. *(Wierd giet ûnderdeks.)*

MATROAZEN: O nee! Asjeblieft! Dat niet. *(De moatroazen wurde troch de Fryske seelju rêch oan rêch bûn en op 'e râne fan it skip set.)*

MATROAS 4: Nee nee nee. Net dwaan, ik bin in Frysk.

MATROAS 5: Ik ôk, mijn mem kwaa m út eh, út Cambuur.

MATROAS 6: En mijn heit died mei met de Elfstedentocht, heus waar.

GRUTTE PIER: Sjochoan, echte Friezen. No, dat sille wy noch wolris sjen. *(De seelju dy't al witte wat der kommen giet begjinne te gnizen.)* Do dêr, sis my ris nei.

MATROAS 6: Wablyf, m'near?

GRUTTE PIER: Bûter, brea en griene tsjûs, wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries.

MATROAS 6: *(stammerjend)* Poet eh.., breed en eh..

SEEMAN 2: Oei, oei, oei.

MATROAS 6: - eh, groene kies, waar is..eh..dat

SEEMAN 1: N-n-no, w-w-waar is it net.

SEEMAN 4: Stjerrendewier gjin moai waar. *(de se elju laitsje.)*

GRUTTE PIER: Lit marris sjen ofst goed swimme kinst.

SEEMAN 2: Oei, oei, oei. *(op in hânbeweging fan Pier triuwt er de matroas en syn maat dy't oaninoar bûn binne oerboard.)*

SEEMAN 1: *(sjocht se nei)* Dy is - dy is -

SEEMAN 7: - Fersûpt.

GRUTTE PIER: *(Tsjin matroas 4)* En do?

MATROAS 4: Broeder, breed en eh...griene - griene - *(begjint te gûlen)*

SEEMAN 3: No, griene kin er! *(laitsjen)*

SEEMAN 2: *(wriuwt him yn'e hannen)* Oei, oei, oei.

HILLIE MARTENA: *(achter it toniel)* Bliuw mei de goare poaten fan my ôf.

GRUTTE WIJRD: Hee baas, ik bedoel, admiraal, moast hjir ris sjen. *(Hy komt út it ûnderste fan it skip mei trije adelike dames achter him oan. De jongste, Hillie Martena, wurdt troch twa seelju kwalik yn 'e macht hâlden. De twa âldere froulju, Hermine Martena en Gertrude Botnia hâlde har rêstich en waardich, mar binne wol benaud.)*

GRUTTE PIER: Wat sil dit?

HILLIE MARTENA: *(fûl sparteljend)* Lit my los, smoarge, fize, Fryske fyslak!

SEEMAN 4: Wat kin dat mokkel skelle.

SEEMAN 5 EN 6: It liket de admiraal wol.

SEEMAN 3: Mar wol in lekker hapke.

GRUTTE PIER: Bek hâlde! (*tsjin de seelju dy't de jongste beethâlde*) Lit har gewurde. (*Hillie komt yn it bedarjen*) Witte jimme wol wa't ik bin?

HILLIE MARTENA: Kin my gjin skyt skele, al wiest de keizer fan it Hillich Roomske Ryk.

GERTRUDE BOTNIA: Sst. Jou dy del.

HERMINE MARTENA: (*weardich*) Jawol.

GRUTTE PIER: Wa bin ik dan?

HERMINE MARTENA: Se neame jo 'Grutte Pier'. Se neame jo de Admiraal fan de Sudersee. It krús fan de Hollanners - sa neame se jo.

GRUTTE PIER: (*driigjend*) Hoesa - "sa neame se jo"...?

SEEMAN 2: Oei, oei, oei.

SEEMAN 3: Dit is net bêst.

HERMINE MARTENA: Jo binne Pier Gerlofs, fan Kimswert. (*mei kwalik ferhoale lytsachting*) In boer.

GRUTTE PIER: (*poer*) En wat is der mis mei in boer?

SEEMAN 2: Oei, oei, oei.

SEEMAN 4: Dit is net bêst.

GRUTTE PIER: In boer is in bist datst útmelke kinst.

SEEMAN 7: Ja, ja. It folk is der foar de hearen.

SEEMAN 5 EN 6: En foar de dames! (*Hermine Martena swijt.*)

GERTRUDE BOTNIA: Sa hat se it net bedoeld. Wy binne Friezen, lykas jo,...hear.

GRUTTE PIER: Friezen, hin? En wat dogge jim op in Hollâns skip?

SEEMAN 4: It binne ferrieders.

SEEMAN 7: Fan har eigen folk!

SEEMAN 5 EN 6: Ophingje! (*jûchheien*)

SEEMAN 4: Oan de heegste mast!

SEEMAN 8: De fuotten spiele. (*jûchheien*)

HILLIE MARTENA: *(raast)* Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat sizze kin is in Fries?
(stilte)

GRUTTE PIER: *(slacht mei syn swurd)* Mar in oprjochte Fries?

HILLIE MARTENA: Is Grutte Pier in oprjochte Fries? Bist in moardner en in dief, in seerôver en in brânstichter.

GERTRUDE BOTNIA: Stil! *(yn harsels)* O, o, o, dit kostet ús de kop.

GRUTTE PIER: *(Betwingt syn lilkens)* En wa binne jo?

HERMINE MARTENA: *(Nei koart wifeljen)* Ik bin Hermine Martena. Dit is myn eigenwize dochter Hillie en dit is myn suster Gertrude Botnia.

SEELJU: *(troch inoar)* Martena? Martena? De frou fan Hessel Martena. De setbaas fan de hertoch fan Bourgondië!

GRUTTE WIERD: *(fluitet)* Dit is in fette fangst, Pier.

GRUTTE PIER: Koppen ticht! *(stilte)*

GRUTTE WIERD: Wat dogge wy mei har?

GRUTTE PIER: Slút se op. W y freegje in lospriis. *(Elk giet ôf. Unge murken is it swurd fan Grutte Pier wer ta de âlde lingte krompen. Tsjin Hillie Martena:)* Do bliuwst hjir. *(Pier en Hillie bliuwe allinnich achter. Pier pakt syn swurd.)* Sjochst dit swurd?

HILLIE MARTENA: Ik sjoch it wape nark fan in moardner.

GRUTTE PIER: Boartest mei fjoer, famke.

HILLIE MARTENA: Ik sis wêr't it op stiet.

GRUTTE PIER: *(Hy plantet it swurd foar har yn'e grûn, miskien dat it ûnder de folgjende dialoach wer stadichoan grutter wurdt.)* Ik ha minsken deade, ja. Omdat it ús fijannen wiene. Ik ha stellen fan de Hollanners, ja. Omdat sy en de Bourgondiërs stellen hawwe fan de Friezen.

HILLIE MARTENA: Ik ha jo nea wat misdien.

GRUTTE PIER: Miskien net. Mar jim heit en syn freonen, dy ferrieders, dy hawwe de hiersoldaten fan de hertoch fan Bourgondië op ús ôfstjoerd, doe't se dy net mear betelje koene.

HILLIE MARTENA: No en? Kin ik der wat oan dwaan?

- GRUTTE PIER: Se hawwe rôve en moarde en delbrând. Myn frou is omkommen, ús famke hawwe se meinommen. *(pauze)* Noait ha'k har wer sjoen. *(pauze)* Alles ha'k fêrlern, de pleats oan jiske, it fee stellen. Al dy manlju hjir: alles binne se kwyt. *(stilte)* Wat moatte wy oars as fjochtsje tsjin ús fijannen, hin? *(Hillie swijt.)* No? *(Hillie stiet no tichterby it swurd as Pier.)* Soest, ast de kâns hieste, dat swurd net oppakke en my de kop ôfslaan? *(Hilly twifelt, makket in beweging nei it swurd, beslút dan om it net oan te reitsjen.)* Ik ha mear redenen as do om myn fijannen te deadzjen.
- HILLIE MARTENA: *(Nei in stilte)* En dêrom plonderje en moardzje jimme no foar de hertoch fan Gelre?
- GRUTTE PIER: De hertoch fan Gelre sil Fryslân befrije!
- HILLIE MARTENA: Pfuh! De hertoch fan Gelre hat jim yn de macht, lykas jimme my.
- GRUTTE PIER: *(lilk)* Dat hat er net! Wat snapsto dêr fan, dwerskop. Do bist de dochter fan myn grutste fijan. Ik soe dy sa... *(docht as snijen lâns syn kiel)*
- HILLIE MARTENA: *(Pakt it swurd op en langet it him oer.)* Gean dyn gong. *(Pier docht neat.)* Mar ik sil libben wol mear opringe as dea, hin, menear de seerôver?
- GRUTTE PIER: Tochst dat ik der ryk fan waard? Hast alles giet nei de hertoch en syn legers.
- HILLIE MARTENA: O, sit dat sa. Jo binne noch stom ek.
- GRUTTE PIER: *(lilk)* Allinnich slagget it ús no ienkear net tsjin de Bourgondiërs en dy ferrekte Hollanners.
- HILLIE MARTENA: Menear Grutte Pier, jo binne mar in lyts man.
- GRUTTE PIER: Hjir do! *(Hy pakt har by ien ear, sleept har nei in koai achter op it dek. Twa seelju komme op.)* Slút har op! Op wetter en brea! *(Hillie wurdt opsluten, de manlju ferdwine.)*
- HILLIE MARTENA: En hoe komt it mei dy griene tsjies?

Lit my los fers

(Nei it earste koupleet komt in koar fan famkes op. Se hawwe de omballings fan wichtige hearen - hoed, strik, snor, keatlinghorloazjes, ensfh. - mar bliuwe werkenbar as fankes.)

HILLIE: Lit my los, lit my gean, lit my rinne.
Ik sil dy slaan, ik sil dy skoppe,
In fikse reis hast fertsjinne.
Ik sil dy, ik sil dy, ik sil dy,
Ik sil dy ris omstean leare.

Lit my los, lit my gean, lit my rinne,
Dan leisto mei gauwens net mear boppe
Do silst my net keare kinne
Ik sil dy, ik sil dy, ik sil dy
Ik sil dy wol omstean leare.

KOAR FAN FAMKES:

Och hearkes, hearen, hearen, hearen, nee, dochts, nee!
Wat sjogge wy dêr yn fyftjin tsien?
Of is it al wer fyftjin fyftjin?
In famke dat it hiel oars docht
As troch ús útset en foarbetocht?
Mar famke, famke, famke dochts
Wat soenen dat foar tiden wêze?
Wyfkes dy't omflinterknippe,
Samar de grutte, wide wrâld yngean?

HILLIE: Lit my los, lit my gean, lit my rinne,
Dan leisto mei gauwens net mear boppe
Do silst my net keare kinne

KOAR FAN FAMKES:

Och hearkes, hearen, hearen, hearen, nee, dochts,
In famke dat heart thús
En mem achter it fornús
En pyp-pyp seit de frou yn it foarhús
Lit de jonges en de hearen no mar fjochtsje,
Dêr bûten, dêr bûten, yn de boaze wrâld.

HILLIE: Lit my los, lit my gean, lit my rinne

KOAR FAN FAMKES:

Och hearkes, hearen, hearen, hearen, nee, dochts,
Wêrom soe in famke har waarme plak ferlitte
By de wask, de ôfwask en it bêdopmeitsjen?
Wêrom soe in famke in jonge wêze wolle
Anno fyftjinhûndert fyftjin?
Jonges moardzje en se doge net
Of binne fleis foar de kanonnen.
Men snapt net wat sa'n famke dêr yn sjocht.

(Tjuster)

Sêne 2 - By de Gelderske stedhâlder yn Snits

(In romte mei trije doarren. In snústerige jonge frou mei read hier sit op in stoel. Se sjocht foar har út en sjongt in liet. Leven fan achter de doarren, mar it famke reagearret der net op.)

FAMKE: *(Sjongt)* It wie winternacht, it wie winternacht.
Alles wie wyt, en alles wie swart.
Se kamen fan de stêd
Har eagen wiene hurd.
It wie winternacht, it wie winternacht.
De himel waard read,
Hjir bin ik, sei de Dea.
It wie winternacht, it wie winternacht
En de klokken lûden nei de stjerrepracht,
Mar nimmen hold de wacht.
It wie winternacht -

STIM FAN PIER: *(Fan efter de kûlissen)* Is der net? Is der net? Hoe ha wy it no? Lit my der troch.

STIM F.D. BOADE: *(idem)* Nee, nee, hy is op reis.

STIM FAN PIER: Meitsje dat de kat mar wiis. *(hy slacht op de doar, ropt)* Van Arkelens? Ik moat mei dy prate!

STIM F.D. BOADE: Nee, nee. De stedhâlder is der net. Hy kin net ûntfange.

STIM FAN PIER: Kin net ûntfange? No, dan sil ik him wat jaan. *(Hy raamt op 'e doar.)* Dy doar iepen as ik raam 'im iepen.

STIM F.D. BOADE: Nee, nee. Dat kin net. Dat mei net.

STIM FAN PIER: Iepen dy doar! As ik meitsje der kachelhoutsjes fan.

STIM F.D. BOADE: Nee, nee, nee. Net dwaan menear.

(De doar wurdt forsearre en Pier falt der yn, it swurd yn 'e hân.)

GRUTTE PIER: Van Arkelens, wêr biste!?

(It famke sjocht net op. Pier bliuwt fernuvere stean, sjocht om him hinne. Achter him stiet de boade te jammerjen.)

BOADE: O nee. O nee. Dy doar wie krekt nij.

GRUTTE PIER: *(tsjin it famke)* Wa bisto? *(Se sjocht him oan, mar antwurdet net.)* Wêr kin ik de Gelderske stedhâlder fine? *(It famke lûkt oan'e skouders. Pier rint*

nei de doar rjochts.) Wêr is dy fint? (Hy slacht op de doar) Ik wit datst der biste man. Doch dy doar iepen as ik traapje 'im yn!

BOADE: Nee, nee, net dwaan! Dy is ek nij.

GRUTTE PIER: *(Rint nei de doar links en begjint dêr op te slaan.)* Van Arkelens! Wist dat ik spesjaal fan Woarkum nei Snits kommen bin. Ik ha myn nocht! Ast der net yn trije tellen bist, raam ik alle doarren yn.

BOADE: *(suchtet, pakt syn bosk kaaien)* Eh..., kin ik jo hjir mei fan tsjinst wêze?

GRUTTE PIER: *(Begjint op de doar te beuken)* En dan al de ruten, en dan de flier en dan it plafond en dan...

BOADE: *(berget de kaaien op)* Giet it oer. At it dan mei alle geweld moat..
(Pier falt troch de doar links en is even ôf. Op dat stuit giet de doar rjochts iepen en ferskynt de hear Van Arkelens. It is in djoere menear, yn djoere klean.)

ARKELENS: Wat binne dit foar manieren, Pier Gerlofs!

BOADE: Ik sis noch: nee, nee. Mar menear Pier hjir.. *(Van Arkelens seit him mei de hannen te swijen. Drekst dêrnei komt Pier wer foar't ljocht. De boade en van Arkelens fernim me yn de hiele sêne fan it famke neat.)*

GRUTTE PIER: Ik ha skyt oan dyn meneare-manieren. *(Mei in hollebeweging nei de boade)* Op reis, seit er. *(Tsjin van Arkelens.)* Jo tinke dat jo in boer fan Kimswert wol even de doar yn it gesicht smite kinne?

ARKELENS: Wy wiene net op'e hichte fan jo kommen *(Spytgnyskjend:)*, menear de Admiraal.

GRUTTE PIER: Ik ha in man stjoerd om te sizzen dat ik deroan kaam, menear de stedhâlder fan heal Fryslân.

ARKELENS: Wat kin ik foar jo dwaan, Pier? *(It famke stiet op en giet fuort.)*

GRUTTE PIER: *(Fielt dat se fuortgiet, draait him om.)* Wa wie dat?

ARKELENS: Wa wie wa?

GRUTTE PIER: Dat famke. *(Van Arkelens en de boade sjogge inoar net begripend oan.)*

BOADE: Menear hat it drok hân *(Hakket mei in sabeare swurd.)*, miskien dat er.. *(draait mei in finger by de holle.)*

ARKELENS: Pier, bist no hjir. Wêr kaamst foar?

GRUTTE PIER: Hin? (*Tinkt nei.*) O ja. Ik bin liik. Ik bin net gau liik -

BOADE: (*Benaud*) Nee, nee.

GRUTTE PIER: - Mar at ik liik bin, dan brek ik as it moat it hiele hûs ôf, de hiele stêd om my.

ARKELENS: Doch dat dan tenei by uze fijannen en net hjir yn Snits.

BOADE: Hielendal mei iens!

GRUTTE PIER: Fiif hannelsskepen út Hamburch ha wy bútmakke op de Sudersee. Fiif fan myn eigen mannen binne dêrby stoarn en op it stuit dat ik de búten en de bemanning yn Koudum oan'e wâl bring, sizze dyn offisieren dat ik alles weromjaan moat. Wat binne dat foar manieren? Fjochtsje wy dêrom op libben en dea?

ARKELENS: Dy Hamburgers binne uze fijannen net.

GRUTTE PIER: Se wiene ûnderweis nei Amsterdam.

ARKELENS: No en?

GRUTTE PIER: Dat it binne freonen fan'e Hollanners.

ARKELENS: Mar net uze fijannen.

GRUTTE PIER: Alle freonen fan de Hollanners binne uze fijannen.

ARKELENS: Wy fjochtsje tsjin de Bourgondiërs.

GRUTTE PIER: De Hollanners helpe de Bourgondiërs en de Hamburgers de Hollanners.

ARKELENS: Pier, harkje.

GRUTTE PIER: Foar my binne it allegear fijannen fan de Friezen. De kop derôf!

ARKELENS: Harkje, Pier. De hertoch fan Gelre fjochtet tsjin de Bourgondiërs: Yn Fryslân, yn Gelderlân, yn Hollân, wêr't er mar kin. Mar hertoch Karel fan Bourgondië is ek kening fan Spanje wurden en ek keizer fan Dútslân. As de stêd Hamburch him helpen giet om tsjin de hertoch fan Gelre te fjochtsjen, wurdt it der net better op. Wy hawwe al fijannen genôch.

GRUTTE PIER: Wat ha ik dêrmei út te stean?

ARKELENS: De Geldersen binne hjir om de Bourgondiërs en de Hollanners Fryslân út te krijen. Us belang is jim belang.

GRUTTE PIER: Hm. Ik wit net. Wy libje fan ús bú.

ARKELENS: *(suchtet)* Lit dy Hamburgers gean en jim krije fan my fiiftûzen florijnen foar de misrûne bú.

GRUTTE PIER: Hm. Ik wit net. *(Tinkt nei.)* No goed.

ARKELENS: Ik sil it no fuortendalik foar dy yn'e oarder meitsje. *(Hy ferdwynt troch de rjochterdoar, mei de boade dy't de doar foar him iepenhold. Wylst Pier wachtet komt ûngemurken it famke troch de middelste doar op.)*

FAMKE: *(sjongt)* It wie winternacht, it wie winternacht.
Alles wie wyt en alles wie swart...

GRUTTE PIER: *(skrikt.)* Wa bisto?

FAMKE: Wa bisto?

GRUTTE PIER: *(Even fan't sentrum.)* Wêr komst wei?

FAMKE: Wêr komst wei?

GRUTTE PIER: Sis, wat is dit?

FAMKE: Sis, wat is dit? *(Se stekt de fûst nei foarren, Pier sjocht en dan docht se de fûst iepen.)*

GRUTTE PIER: Dat is neat!

FAMKE: *(lilk)* Dat is neat! Dat is myn hân. Dat is alles wat ik ha. *(Se hâldt de hân stiif ticht.)* Myn hiele libben sit hjiryn.

GRUTTE PIER: Do bist ek alles kwy? Jim hûs, jim famylje. Ik kin dy...Do bist ien fan... Fan Kimswert?

FAMKE: Bist alles kwytrekke? Wat hast yn'e hân? *(Se wiist nei de hân wêryn't Pier it swurd hat.)*

GRUTTE PIER: Hin? *(Pier nimt it swurd yn de oare hân en sjocht yn de lege hân.)* Neat.

(Van Arkelens komt werom, mei in dokumint yn'e hân. De boade achter him oan.)

ARKELENS: Sjoch dêr, asjeblyft. Hjir is in skuldbekentenis. *(Hy stoppet it dokumint yn Piers lege hân.)*

GRUTTE PIER: *(Der fanôf.)* Wat?

FAMKE: Wat hast yn'e hân?

ARKELENS: *(Tsjin Pier.)* De skuldbekentenis! Ast meirinst mei de boade hjir, dan sil de skathâlder dy it jild útbetelje.

FAMKE: Dyn libben Pier. Hast dyn libben yn eigen hân.

ARKELENS: Wat dochst dermei?

FAMKE: *(tagelyk)* Wat dochst dermei?

GRUTTE PIER: *(Ofwêzich, sjocht nei syn hân.)* Neat.

ARKELENS/FAMKE: Neat?

GRUTTE PIER: Ik bedoel, in nij skip mei tariede. Wy sille Medemblik del-brâne. Dêr wurdt it guod ferhannele dat de Bourgondiërs fan ús rôve ha. *(It famke ferdwynt ûngemurken.)*

ARKELENS: *(Tinkt nei.)* Medemblik delbrâne...

BOADE: Goed wurk, menear

ARKELENS: Faaks kinst noch wat ekstra soldaten meinimme. Ik stjoer dy berjocht.

BOADE: *(Mei in swaai nei de doar.)* Mei ik jo fersykje..?

ARKELENS: En tink derom: De Hollanners en de Bourgondiërs - *(Docht fan kiel-trochsnije)*, mar de rest: ôfbliuwe! *(Arkelens ferdwynt wer troch de linkerdoar.)*

GRUTTE PIER: Ja, ja, ja. *(Tsjin boade)* Wa wie dat famke?

BOADE: Wa?

GRUTTE PIER: Dat famke.

BOADE: O, in frjemd seker. Paad bjuster seker. De hiele stêd sit fol mei omrinnend folk. Kinst se mar min bûten de doar hâlde. *(Pier sjocht nei de skuldbekentenis yn syn hân.)* Wy stjoere jo yn alle gefallen net mei lege hannen nei hûs.

GRUTTE PIER: En hoe komt HIJ oan it jild?

BOADE: Wat tochten jo? Ekstra belesting. Fan de Friezen.

GRUTTE PIER: Fan de Friezen?

BOADE: Fan de boeren. It moat earne wei komme, no?

GRUTTE PIER: Mar dan sjitte wy noch neat op. (*ôf*)

BOADE: Nee, neat. (*Ropt him nei.*) En noch in soad súkses yn Medemblik, menear De Groot!

Lied: Medemblik is naar de bliksem

(Nei in soad kabaal wer út bliken docht dat Medeblik troch Piers manlju ferwoeste is, folget it ritme fan in grutte trom, lykas fan in deadenmars. Dan sjogge we in lange rige fan snústerige boargers, jong en âld, belade mei âld guod. Dizze groep wurdt begeliede troch in tal kweajonges.)

KOAR FAN KWEAJONGES:

Stap, stap, yn ´e stap

Stap, stap, stap

Medemblik is nei de bliksem

Stean net stil en sjoch net om

(tsjin de boargers)

Tink net nei, freegje net wêrom

Draach dat bern, en help dy frou

(tsjin inoar)

Gean foarút en gean gaugau.

Sis it de boeren op it lân

De hiele stêd stiet yn ´e brân

Freegje wetter, brea

(in jonge draaft foarút)

Of hea om op te sliepen.

Want wij ha neat, neat, neat

As lege hannen en lege magen.

Stap, stap, yn ´e stap

Stap, stap, stap

Tink net oan moarn,

(tsjin de boargers)

Tink net oan hjoed,

Tink net oan dyn hûs, dyn wiif, dyn heit

Tink net oan de slach, de dieder, de dei

Tink, tink, tink net mear.

Medemblik is nei de bliksem gien

(tsjin inoar)

De wei nei Hoorn is noch lang.

Wy sizze neat, mar bin wol bang,

Wy helpe wol, mar wat ha wy dien?

Stap, stap, yn ´e stap

Stap, stap, stap.

Sêne 3 - Yn'e haven fan Koudum

(It admiraalsskip fan Pier leit oan'e steger fan Koudum. Op it dek stiet de bú: kisten, fetten, húsrje ensfh. Pier sprekt syn manlju ta. Neist him stiet Grutte Wierd, de stjoerman, en oan de oare kant Jancko Douwama, in kreas klaaide ealman, dy't tryst foar him út sjocht.)

GRUTTE PIER: Manlju, ik bin grutsk op jim. Wy ha Medemblik delbrând en wy ha wraak nommen foar al dat guod dat se opkochten en dat dy ferrekte Hollanners en Bourgondiërs fan ús stellen ha.

GRUTTE WIERD: Libje in frij Fryslân.

SEELJU: Leaver dea as slaaf!

GRUTTE PIER: En lokkichernôch binne wy no ek fan dy ferrekte hiersoldaten ôf. Se hawwe ús moai holpen yn Medemblik, mar no meie se om my yn Hollân foar eigen rekken plonderje.

SEEMAN 4: *(ropt)* Wêrom fjochtsje se net oan ús kant, yn Fryslân?

GRUTTE PIER: Omdat de hertoch fan Gelre se net langer betelje koe.

GRUTTE WIERD: Se fjochtsje allinnich mar foar it jild.

GRUTTE PIER: Se ha gjin ideaal, lykas wy.

GRUTTE WIERD: Dat sa hie de hear Jancko Douwama fan Aldeboarn hjir *(Douwama makket in lytse bûging)* opdracht krigen se nei Hollân ta te bringen.

GRUTTE PIER: Dizze jûn is it feest manlju! Ik betelje it bier!

SEELJU: Libje Grutte Pier! Libje Jancko Douwama! Libje in frij Frys-lân! Leaver dea as slaaf!
(Pier en Douwama ôf.)

GRUTTE WIERD: Bring de bú mar oan wâl, manlju! Twa tred is foar de Sted-hâlder van Arkelens yn Snits, ien tred is foar ús.
(Sjongend op de wize fan byg. "Ajax heeft de wereldcup" as soksawat begjinne de seelju de bú oer de planke oan wâl te bringen.)

SEELJU: Medemblik is nei de bliksum ta. Mee-demmblik is nei de bliksum ta. Medemblik is nei de bliksum ta. Hyp-hoi!

JANNY DOUWAMA: *(Ferklaaid as jonge see man rint tsjin de stream yn de planke op.)*
Admiraal Pier! Admiraal Pier! *(Tsjin de seelju)* Lit my dertoch! Oan de kant!

SEEMAN 1: Hee, ú-ú-útsjen wêrst rinst, m-m-man!

JANNY: Lit my dertroch, moksis!

SEEMAN 4: Hee, útsjen. Triuwst my hast it wetter yn.

JANNY: Gean dan ek oan de kant, olfert.

SEEMAN 5+6: Olfert? Wa neamt ús hjir in olfert? *(Se hâlde har beet.)*

JANNY: Lit my los! Lapsek! Fan sûchem! Sokse sma. Pikelhjerringsferstân!

SEEMAN 2: Oei, oei, oei.

GRUTTE WIIRD: No, no, dat mantsje kin in bek opsette.

SEEMAN 3: As wie't in seeman.

JANNY: Lit my dertroch. Ik moat admiraal Gerlofs sprekke.

GRUTTE PIER: *(Is op it leven ôfkommen)* Wat is dat foar stik leven?

GRUTTE WIIRD: Dizze fint wol mei jo prate, Pier.

GRUTTE PIER: Soa. En wa wie er? Wêr komt er wei?

JANNY: Se neame my...eh Jan en ik kom fan eh... de omkriten fan Aldeboarn.

GRUTTE PIER: Wat woe er?

JANNY: *(op ien knibbel)* Ik woe jo lokwinskje mei jo pracht-oerwinning yn Medemblik, Grutte hear Pier. En om't ik neat te ferliezen mear ha, woe ik oanmeunsterje om mei jo te fjochtsjen tsjin de Hollanners, Hear Grutte Pier.

GRUTTE PIER: Soa.

JANNY: En ik woe jo warskôgje foar Hear Jancko Douwama fan Aldeboarn. It is in ferrieder.

(De seelju begjinne lilke rabarber te mompeljen.)

GRUTTE PIER: Wat seit er dêr? Tink om watst seiste!

JANNY: Hy wol nei de Hollanners en Bourgondiërs oerrinne.

SEEMAN 4: Douwama in ferrieder? Noait ien kear!

SEEMAN 3: Dy man is de grutste frijheidsstrider fan de Friezen.

SEEMAN 1: Op P-P-Pier nei dan.

GRUTTE PIER: Sa kin't wol wer, ja? *(tsjin Janny.)* Wêr hellest dat wei?

SEEMAN 7: Hy hat de hertoch fan Gelre oerhelle om de Friezen te helpen tsjin de Saksers!

SEEMAN 4: En de Bourgondiërs.

SEEMAN 5 EN 6: En de Hollanners.

GRUTTE PIER: Ja, dat witte wy. *(tsjin Janny)* No?

SEEMAN 3: Hy hat derfoar soarge dat Pier in float krige fan de Geldersen.

GRUTTE PIER: Ik sei: wy witte it wol.

SEEMAN 5 en 6: *(lyts)* Jawol, mar sy miskien net. *(Wize op it publyk.)*

GRUTTE PIER: En no koppen ticht!

SEELJU: *(meiinoar)* Ja Pier!

SEEMAN 2: Oei, oei, oei. *(It is stil.)*

GRUTTE PIER: *(tsjin Grutte Wierd.)* Helje Douwama.

GRUTTE WIERD: Jawol. *(Sil ôfgear, mar Douwama is al op it leven ôfkommen.)*

GRUTTE PIER: Dizze man neamt jo in ferrieder. Wa dogge wy dermei; tweintich stôkslaggen? Opslute? Yn't kasjot dermei? As fuort mar de fuotten spiele?

DOUWAMA: *(sjocht nei Janny, dy't har heit herkend hat en it gesicht fuortdraaid hat)* Wa bisto? *(Stilte, gjin antwurd.)* Wa bisto? *(stilte)*

JANNY: Ik bin **gjin** ferrieder fan Fryslân.

DOUWAMA: En ik wol? *(stilte.)* Lit it gesicht sjen, leffert.

GRUTTE WIERD: Miskien dat jim it útfochtsje moatte?

SEEMAN 5 en 6: Man tsjin man!

(Douwama en Janny krije alletwa in swurd yn 'e hannen drukt. Janny stiet noch altyd mei it gesicht fan Douwama ôf.)

DOUWAMA: Ik fjochtsje net. Ik bin diplomaat, gjin soldaat.

JANNY: Ik fjochtsje net...tsjin him.

SEEMAN 4: En do soest mei ús te fjochtsjen?

SEEMAN 7: En do neamst him in ferrieder?

SEEMAN 5 en 6: Kom op! Knokke!

DOUWAMA: Ik sjoch it my oan.

JANNY: Ik wol net. Net tsjin dy man.

DOUWAMA: Dat lûd. Ik kin dat lûd. (*Draait him yniene n om, lûkt har it kopdeksel, it falske burd as snor fan it ge sicht.*) Janny?

JANNY: Ik bin it, heit.

SEEMAN 2: Oei oei.

GRUTTE PIER: Hoe sille wy it no beleve?

SEEMAN: Oei.

GRUTTE WIIRD: Syn eigen famke?
(*Seelju rabarberje wer.*)

JANNY: Do hast de Fryske saak ferrieden, heit.

DOUWAMA: (*Stapt op har ta, mar Pier komt dertusken.*) Ellindich flarde. Hoe doarst dat te sizzen?

GRUTTE PIER: Ho, ho, ho.

JANNY: It is echt wier: Hy is in ferrieder, in ferrieder, in ferrieder.

DOUWAMA: Bist myn dochter net mear.

JANNY: De dochter fan in ferrieder wol'k net wêze.

GRUTTE PIER: Ho, ho, wachtsje ris eefkes. In dochter dy't har heit in ferrieder neamt? In heit dy't de eigen dochter net mear kinne wol?

GRUTTE WIIRD: En in faam dat foar fint trochgean wol?

DOUWAMA: Ik ha altyd fan it Heitelân hâlden.

JANNY: Dat is oer.

DOUWAMA: Noch altyd.

JANNY: Ik ek. Mar net fan ús heit.

DOUWAMA: Do hast noch inkeld fjochtsjen yn de kop.

JANNY: Tinkst allinnich oan dysels.

GRUTTE PIER: Ho, ho. Ophâlde! Wêrom neamsto jim heit in ferrieder?

JANNY: Ik ha it fan ús mem. Sy hat brieven fan him krigen. Dêryn stiet dat er yn it geheim kontakt mei de Bourgondiërs yn Ljouwert hân hat.
(*De seelju ra barberje wer.*)

DOUWAMA: Jawis, ik ha praat mei de Bourgondiërs. (*Op 'e nij mompeljen.*)

JANNY: Sjochst no wol!

DOUWAMA: Mar soks is polityk. Dêr begrypsto neat fan.

GRUTTE PIER: Ik kin it net leauwe.

GRUTTE WIIRD: (*Fluited tusken de toskan troch.*) Dat is dan de man dy't de Geldersen dizze kant ophelle hat.

SEEMAN 3: Dat is dan de man dy't...

GRUTTE PIER: Ja, ja, dat witte wy no wol.

DOUWAMA: De Bourgondiërs wolle graach dat ik en de oare Fryske edellju har kant kieze. En ik tink dat...

JANNY: Net harkje!

SEELJU: Boe, boe, boe!

SEEMAN 4: Leaver dea as slaaf!

GRUTTE WIIRD: Dat faam praat as in kjerre! Wy moatte har yn ús fermidden...-

GRUTTE PIER: Watfoar polityk is soks, Jancko Douwama? Dêr sil ik as boer wol te stom foar wêze, tink?

DOUWAMA: Sjochst it dan net? De Geldersen kinne it noait winne. Ljouwert, Frenstjer en Harns wiene al yn hannen fan de Bourgondiërs. Dokkum is fallen, Boalsert ferlern.

JANNY: Wy fe roverje dat we rom.

DOUWAMA: Dat kinne wy net en de Geldersen hawwe it jild net. Wêrom ha se oars dy hiersoldaten fuortsjoerd?

GRUTTE PIER: It wie túch, lykas dy hierlingebinde dy't Kimswert platbrând hat, de Swarte Heap.

DOUWAMA: Mar dêr winsto oars wol dyn oarloch mei, salangst se mar betelje kinste.

JANNY: Net harkje, Pier.

GRUTTE PIER: Wiest in fijan fan Fryslân's ûnderdrukkers.

DOUWAMA: Dat bin'k noch.

JANNY: Heit kiest foar de Hollanners no.

GRUTTE PIER: Is dat sa?

DOUWAMA: Nee!

JANNY: De Hollanners ha altyd ús fijan west.

GRUTTE PIER: Jawis.

DOUWAMA: Ik kies fan twa kweaden it bêste. Wy kinne net de Bourgondiërs en de Geldersen Fryslân útkrije. Wy ha temin minsken, temin sterke stêden, temin jild.

JANNY: Do wol, Pier.

DOUWAMA: Do ek net, Pier. Bist miskien net te ferslaan, mar dat allinnich mar op see.

JANNY: Net harkje, Pier.

DOUWAMA: En de Geldersen binne stadichoan neat minder slim as de Bourgondiërs. Sy litte de boeren ek belesting betelje. Sy hiere ek hiersoldaten yn, at se se betelje kinne.

JANNY: Mar se wurkje net lykop mei de Hollanners!

GRUTTE PIER: Krekt.

DOUWAMA: Kies uze kant, Pier. Dan mar ûnder de Bourgondiërs. Dit lân moat yn de rêst en frede.

JANNY: Kies uze kant, Pier. Tsjin de Hollanners! Leaver dea as slaaf!

DE SEELJU: Leaver dea as slaaf!

(Pier is stil, twifelt.)

DOUWAMA: Brûk dyn ferstân, Pier.

JANNY: De Hollanners ha altyd ús fijan west.

GRUTTE PIER: Krekt. *(lange stilte. Elts sjocht nei Pier.)* Bist in ferrieder, Douwama.

SEELJU: Ja, in ferrieder!

GRUTTE WIERD: Wat sille wy mei him dwaan, admiraal. Tweintich sôkslaggen, it kasjot, as de fuotten spiele?

GRUTTE PIER: De fuotten spiele.

(Mei grut jûchhei wurdt Jancko Douwama út 'e jas holpen en nei de râne fan it skip brocht.)

JANNY: Nee!! Net dwaan. *(Elts stiet as in peal.)*

GRUTTE WIERD: Wat no?

JANNY: It is... it is ús heit.

GRUTTE PIER: Hast gelyk. In dochter mei har heit likemin ferriede as in heit it Heitelân. Bliuwe wy Friezen dan altyd ferdield? Douwama, opsoademiterje! Do dochst mar. *(Douwama rint it skip ôf. Tsjin Janny:)* En do ek!

JANNY: Mar...-

GRUTTE PIER: Fan dit skip ôf! Ik kin folk dat eigen folk ferriedt net ferneare. *(Janny driipt ôf, de heit achternei. De bemanning bliuwt stomslein ste an.)* En jimme oan't wurk! Ha jim postro ûnder de fuotten? *(Swijende gean de seelju troch mei it lossen fan it skip.)* En fan'e jûn is it feest. Begrepen? *(Stilte.)*

SEELJU: Ja Pier.

GRUTTE WIERD: Okee manlju. Yn't spier. *(Pier ôf. De seelju foamje in ketling en it guod wurdt trochjûn, wylst men in wurkliet sjongt, soksawat as hjirûnder, mar dan better.)*

SEELJU: En fan johee, en fan johoh en fan johop
Pak oan, jou troch en set 'm op.
De bút is binnen
Friezen kinne winne
De Hollanners de strop

Wy slan' se op de kop
En fan johee, en fan joho en fan johop
Pak oan, jou troch en set 'im op
Mei it mes en mei swurd
Wy leauwe nimmens wurd
Sûnder frou, as bern, as kraai
Libje as seerôver is hurd en taai
En fan johee, en fan joho en fan johop
Pak oan, jou troch en set 'im op.

(Ynienen sjogge wy de nar earne heech yn'e mêst as sokswat, mei in stôk yn'e hân. Hy tikket op it hout.)

NAR: Hearen, hearen, hearen. Stilte asjeblyft! *(it sjongen stoppet, men sjocht omheech. It is sa gau net dúdlik wêr't de nar weikommen is. Hy hat stikelhier en in bult.)*

SEELJU: *(trochinoar)* Wat krije wy no? Wa is dat? Wêr siter? Wat moat dy fint*(ensfh.)*

NAR: Rjuachte dieven! Mei ik in minuutsje fan jimme tiid stelle?

SEELJU: *(trochinoar)* Dieven? Dieven?

NAR: Mei permisje, mar jimme sjonge as in stel oerjierrige kraaien mei pinekiel. Stelle kinne jim grif better.

SEEMAN 2: Oei, oei, oei.

SEEMAN 7: Wa is dy brutale bongel?

NAR: Mei ik my even foarstelle? Hjoed bin ik eh...

SEEMAN 1: It is de g-graaf fan Lea-lea-leagendam!

SEEMAN 5 en 6: De wat?

SEEMAN 7: In nar. Se neame him de graaf fan Leagendam om't er sa deflich prate kin.

SEEMAN 3: Allegear leagenpraat!

NAR: Ik liege?

SEEMAN 4: Datst der fan barst.

SEEMAN 5 EN 6: Datst der swart oer sjochst.

NAR: *(tilt it besgroen op en sjocht nei syn búk.)* Ik sjoch neat.

GRUTTE WIERD: Wat moaste, lolbroek?

NAR: Is lytse Pier hjir?

GRUTTE WIERD: Lytse Pier? Misedigje, hin?

NAR: Fan wêr't ik sit is er lyts.

GRUTTE WIERD: Wat moast fan him, pestkop?

NAR: Neat.

GRUTTE WIERD: Wêrom wolst him dan sprekke?

NAR: Ik wol him net sprekke.

SEEMAN 1: Hy licht.

SEEMAN 3: Sjochst wol?

NAR: In oare dief wol him sprekke.

GRUTTE WIERD: In oare dief?

NAR: De rju eale Heechberne Hear van Arkelens. Hy komt deroan.

GRUTTE WIERD: De hear van Arkelens in dief?! *(Op dat stuit komt van Arkelens op, mei in oprôle brief yn 'e hân.)*

ARKELENS: Wa neamt my hjir in dief?

NAR: *(wiist nei Grutte Wierd.)* Hy dêr!

GRUTTE WIERD: Net wier!

NAR: Oh-hô. Meist net leagenje. *(Tsjin de seelju.)* Hy sei dief, wier as net?

GRUTTE WIERD: Ik sei him nei.

ARKELENS: *(Tsjin de nar.)* Wat seidesto dêr, bongel?

NAR: Bongel sei: De rju eale Heechberne Hear van Arkelens komt deroan. *(tsjin de seelju)* Wier as net?

SEEMAN 3 EN 4: *(tagelyk, súntsjes, 4 hurd, 3 lêbich)* Oh. De leagener. *(5 en 6 sjogge inoar oan)*

ARKELENS: *(tsjin de seelju)* Is dat wier?

SEELJU: *(trochinoar, mompeljend.)* Ja, ja, is wier. Min ofte mear. Nuver mar wier.

GRUTTE PIER: *(op)* Wat is hjir no wer te rêden? O. Jo hjir?

ARKELENS: Hawwe dyn manlju Hear Jancko Douwama it skip ôfjage? In skande. Meist dyn minsken wol wat mear manieren bybringe, Pier.

GRUTTE PIER: *(grommelet)* Manieren binne foar menearen. Dêr hat ús slach de tiid net foar. Komme jo mei nei myn kajút, dan lis ik it út. *(Arkelens en Grutte Pier ôf.)*

GRUTTE WIERD: Gryp him by de kladden manlju. *(Mei lûd balten en razen besykje de seelju de nar te gripen, mar dy is fluch. Op't lêst ha se him. Se begjinne him te jonassen.)*

SEEMAN 4: Pak him beet.

SEEMAN 5 EN 6: En fan ien, twa. Ien! Twa...

SEEMAN 7: Goai him it wetter yn!

NAR: *(Hiel hurd)* Bûter, brea en griene tsiis wa't dat sizze kin hoecht him de fuotten net te spielen.

GRUTTE WIERD: *(teloarsteld)* Nee, dat kin net. It is in Fries. Friezen dogge soks net mei Friezen.

SEEMAN 4: Dan in pak op'e donder.

NAR: No dat is orzjineel.

SEEMAN 3: Wy litte him syn skuon opite. *(Men sjocht nei syn fuotten, de nar is op bleate fuotten.)*

NAR: Ik wie krekt sa roppich.

SEEMAN 1: It dek skrobje?

NAR: Kinst hjir fan de flier ite!

GRUTTE WIERD: Dy raddraaier set alles op'e kop. Witst wat wy dogge?

NAR: Wy geane mei ús allen op'e kop stean. Sjogge wy it ris fan'e oare kant.

SEELJU: Ja! Op'e kop(*se keare him om*) Wy hingje him op'e kop op. (*Men begjint him in lang ein tou om de fuotten te binen en hy wurdt mei de holle nei ûnderen de hichte yn takele.*)

NAR: Wêrom hâld ik my dochs noait de kop ticht?

SEEMAN 4: Kom op, jonges. Wy goaie rotte tomaten en aaien nei syn kop! (*men sammelt guod en stiet klear om te goaien. Op dat stuit ferskynt Pier wer, mei achter him van Arkelens.*)

GRUTTE PIER: Lit dat! Wa't it lef hat om te goaien, wurdt troch my fan board goaid. Begrepen? (*Hy makket de nar wer los, elts is deastil.*) Wat hat er jim misdien? Steltsje suerten! Mei jim allen tsjin in wearleas man.

NAR: Danke, Grutte lytse Pier.

SEEMAN 3: Hy sei...

GRUTTE PIER: Hy hat jim seker de earen wosken? De wierheid hat in skel lûd.

SEEMAN 5 EN 6: Hy misledige dy Pier.

GRUTTE PIER: No en? Wurden binne mar wurden.

ARKELENS: (*kuchelt*) Ik kin my net begripe datst it foar sa'n ûnmanierlike skoaier opnimste, Pier.

GRUTTE PIER: Wat no ûnmanierlike skoaier? Ik bin in ûnmanierlike boer. Jimme grutte hearen litte it folk krepeare en hawwe it oer manieren? In man is gjin man as er net rjocht op'e man ôf sizze kin wat er fynt.

ARKELENS: Giet it wer hinne. Kinne wy no ta de saak komme? Geane jim nei Gelderlân as net?

GRUTTE WIIRD: Nei Gelderlân?

SEELJU: Nei Gelderlân?

NAR: Hearst dochs wat de man seit?

GRUTTE PIER: De hear van Arkelens hjir hat boadskip fan de hertoch fan Gelre.

ARKELENS: (*tsjin de seelju*) Gelre wurdt no sels bedrige troch Karel de fyfde, de hertoch fan Bourgondië.

SEEMAN 7: Troch wa?

ARKELENS: Troch Karel de fyfde, dy't no ek kening is fan Spanje en keizer fan it Hillich Roomske Ryk is.

SEEMAN 1: Fan wat?

NAR: Jou dy man in earapparaat.

ARKELENS: -en dy't himsels de hear der Nederlannen neamt en dy't-

SEEMAN 4: Wat giet ús Friezen dat oan?

ARKELENS: Mei ik hast even útsprekke?

NAR: Hâld dy even de grutte mûle.

GRUTTE PIER: De hertoch fan Gelre freget at wy mei uze float de Isel ôfsakje wolle om tegearre mei him slach te leverjen oan de Rijn.

NAR: *(sjongt sûntsjes)* Ja fijn, een reisje naar de Rijn, Rijn, Rijn.

GRUTTE WIIRD: Wat ha wy dêr te sykjen, Pier?

GRUTTE PIER: Sadree't dy slach wûn is, sil de hertoch fan Gelre mei syn hiele legermacht nei Fryslân komme.

ARKELENS: Hy sil de Friezen foar no en altyd befrije fan it jok fan de Bourgondiërs.

GRUTTE PIER: En fan de Hollanners!
(Djippe, lange stilte. Elts freget him ôf oft se it dwaan moatte.)

NAR: Wat kin stilte dochs woldiedich wêze, *(tsjin van Arkelens)* tinkt jo ek net?

GRUTTE PIER: Hâld do dy de grutte mûle.

GRUTTE WIIRD: Wat fynsto Pier.

NAR: Wat fynsto, lytse Pier?

GRUTTE PIER: Ik fyn...-ik tink..

NAR: Grutte Pier tinkt sus, lytse Pier tinkt sa.

ARKELENS: Jimme hawwe noch noait in slach ferlern op see. Mar op it lân rêde jimme it noait allinnich.

NAR: Allinnich is mar allinnich, sei de dief en naam der twa.

SEEMAN 3: Wat dogge wy Pier?

NAR: Grutte Pier, lytse Pier.

ARKELENS: Ferjit net dat de hertoch fan Gelre jim float tared haten Pier sa syn admiraal beneamd hat. Jim binne him wat ferskuldige.

NAR: *(sûntsjes.)* Grutte Pier hjir, lytse Pier dêr.

GRUTTE PIER: No't Jancko Douwama nei de fijan oerrûn is...Wat moatte wy..? Mar hy hie gelyk: allinnich rêde wy it net. En de hertoch fan Gelre is...

NAR: ...tsjin de Hollanners?

GRUTTE PIER: Krekt! Manlju, wy geane! *(De nar slacht him foar de holle: "Stom, stom, stom".)*

NAR: Lytse, lytse Pier.

GRUTTE PIER: Ten oarloch!

SEELJU: Ten oarloch! Ten oarloch!

(elts ôf, útsein de nar.)

It Narrefers

NAR: *(telt de knopen fan syn jas of gulp)*
Grutte Pier, lytse Pier, grutte Pier, lytse Pier, grutte Pier, lytse Pier.. *(dan begjint er te sjongen.)*

(refrein)
Wat is grut en wat is lyts?
Wat is dom en wat is wiis?
Kening, keizer, admiraal,
De dommens makket ús igaal.
Ik bin de greef fan Learendam
Leauwsto my, dan snapst der neat fan.

(ferklaaid of mei in tekstboard, as is der keizer Karel V)
Ik bin keizer oer it grutste Ryk fan d' ierd`
Dêr't de sinne nea net ûndergiet.
Mar oan de grinzen fan myn steat
Rammelje Turken, Yndianen, en dy Friezen.
Wês ûnderdien of poets de plaat.
Kening, hartoch, hiersoldaat,
nimmen docht noch wat ik sis.
Poep is grut en lyts is pis. *(refrein)*

(ferklaaid of mei in tekstboard, as is der hartoch Karel fan Gelre)
Yn myn hartochdommeke bin ik de hear
Ik bin wier in bytsje machtich
En dat smakket my nei mear.
Yn troebel wetter fiskje ik mei ies: in grutte pier
Aanst bin ik de baas, wiswier
Grutter en grutter wurdt myn hartochdom
Wat is wiis en wat is dom? *(refrein)*

(ferklaaid of mei in tekstboard, as is der Grutte Pier)
Ik wie boer en bin no admiraal,
Hûs en hiem, in streep troch dat ferhaal
Hjir stean ik mei myn swurd yn it rûn te swaaien
At wy net fjochtsje bin' wy foar de haaien.
Foar de frijheid fan ús lân sil ik op reis.
Wa is dom en wa is wiis?
Wa is grut en wa is lyts? *(refrein)*

Sêne 4 - De holle fan Grutte Pier

(Slachfjild. De soldaten en boargers yn dizze sêne rinne allegear op bleate fuotten en yn nachtklean: pyjama's, nachtponnen en sa. Allinnich troch kopdeksel en/as in attribút yn 'e hân kin men se werom as Gelderske as Bourgondyske soldaat, as Fries dy't meifjochtet mei de Geldersken as as boarger. Oan it begjin is it toniel leech.)

BOARGER 1: *(draaft fan links nei rjochts oer it toniel. Hy hat in tafelbel yn 'e hân dy't er driftich hin en wer swaait.)* Se komme, se komme! Rêde wa't him rêde kin! It leger fan de hertoch fan Gelre komt deroan! *(ôf)*

BOARGER 1 en 2: *(Se drave fan rjochts nei links)* Se komme, se komme! Rêde wa't him rêde kin. It leger fan de hertoch fan Bourgondië komt deroan.

BOARGER 1 oantemei 4: *(fan links nei rjochts)*
De Friezen komme, de Friezen komme mei de Geldersken! Help! Help!
Wat moatte wy dwaan?

BOARGER 1 oantemei 6: *(fan rjochts nei links)*
De Hollanners komme, de Hollanners fjochtsje mei de Bourgondiërs! Wêr moatte wy hinne?

BOARGER 6: Wy moatte ús oerjaan.

BOARGER 5: Oan wa?

BOARGER 4: Oan hertoch Karel fan Bourgondië.

BOARGER 3: Dy is ek hear der Nederlannen.

BOARGER 4: Kening fan Spanje.

BOARGER 2: Keizer Karel de fyfde fan it Hillich Roomske Ryk.

BOARGER 1: Mar de Friezen binne it tichsteby.

BOARGER 2: De Friezen? Fan wa binne dy?

BOARGER 3: Fan Karel fan Gelre.

BOARGER 4: Wy moatte ús oerjaan. Hurd!

BOARGER 5: Oan wa?

BOARGER 6: Oan Karel as oan Karel?

BOARGER 1: Wat makket it út? Wy binne te let.

BOARGER 2: Se sille alles rôve wat wy hawwe.

BOARGER 3: Se sille alles platbrâne.

BOARGER 4: Se sille ús fermoardzje.

BOARGER 5: Wy moatte flechtsje.

BOARGER 6: Mar wêrhinne?

BOARGER 5: Nei de kelders.

BOARGER 4: Nei de tsjerke.

BOARGER 3: Nei it bûtenlân.

BOARGER 2: Dêr komme se!

BOARGER 1: *(liedt syn klok)* Rêde wa't him rêde kin!

BOARGER 1 oantemei 6: Help!

(Elk stowt in oare kant op, op in lyts jonkje nei dat ferbjustere midden op it toniel achterbliuwt. Fan rjochts komt in rige soldaten op, neist inoar. Ek sy binne yn de nachtklean, mar mei potten en pannen op'e holle as helm en mei houtene swurden en stôken yn de oanslach.)

SOLDAAT 1: Foarút mars!

SOLDAAT 2: Wy hakje se yn moatsjes.

SOLDAAT 3: Libje Karel, de hertoch fan Bourgondië.

SOLDAAT 4: *(súnstjes)* Libje om it even wa. As se mar betelje.

SOLDAAT 5: *(súnstjes)* En oars: dan plonderje wy drekst dat doarp dêr wol.
(Of. Fan links komme oare soldaten, wêrby Pier en syn seelju.)

SOLDAAT 1: Ten oanfal!

SOLDAAT 2: Wy draaie gehak fan se.

SOLDAAT 3: Libje Karel, de hertoch fan Gelre.

GRUTTE PIER: Libje in frij Fryslân!

SEELJU: *(tagelyk)* Libje Fryslân!

SOLDAAT 1: Ja heukes. Wy binne hjir wol yn Gelderlân, ja?

- SOLDAAT 2: Jimme komme letter wol.
(de Fryske seelju rabarberje, mar geane al troch.)
- SEEMAN 1: *(súntsjes)* Wat dogge wy hjir eigentlik?
- SEEMAN 2: *(súntsjes)* Wy plonderje drekst gewoan dat doarp.
- SEEMAN 3: *(súntsjes)* Hâlde wy der yn alle gefallen wat oan oer.
- GRUTTE PIER: Net eamelje! De striid giet oan.
(As de Geldersken en Friezen rjochts hast ôf binne klinkt der tromroffeljen. Links steane de Bourgondiërs. Pier draait him as earste om, dêrnei de rest. Eefkes is it stil.)
Oanfalle!
(De partijen stoarmje inoar temjitte en der ûnstiet in (stilearre) fjochtpartij fan man op man. Hyltyd as der immen fan de iene partij immen fan de oare partij delstutsen hat rint hy oan de oare kant it toniel ôf. Pier stekt ferskate minsken del, mar bliuwt op it toniel dat op in stuit leech is, op in bulte liken nei. Fan achteren ferskynt de skym fan Hillie Martena.)
- HILLIE MARTENA: Grutte Pier! Bisto in oprjochte Fries? Ik, Hillie Martena, sis dy: Grutte Pier is in moardner, in dief, in seerôver, in brânstichter.
- GRUTTE PIER: *(wanhopich)* SY hawwe rôve en moarde! SY, ik net. Us famke hawwe se meinommen, myn frou is omkommen, uze pleats hawwe se yn de brân stutsen, it fee omkomme litten. Alles ha 'k ferlern.
- HILLIE MARTENA: En dêrom rôvest en moardest no sels?
- GRUTTE PIER: Foar de frijheid fan Fryslân.
- HILLIE MARTENA: Foar de hertoch fan Gelre bedoelste.
- GRUTTE PIER: De hertoch fan Gelre sil -
- HILLIE MARTENA: - sil Fryslân befrije? Pfuh! Dat sil't wol. Bist gewoan in moardner, lykas al dy oaren.

(De skym fan Hillie Martena ferdwynt. Pier sacket moedeleas yninoar. Fier fuort klinkt it striidgeweld. Dan ferskynt de skym fan Janny Douwama.)
- JANNY DOUWAMA: Pier?! Wat stietst dêr no? Ten oanfal!
- GRUTTE PIER: *(moedeleas)* Ten oanfal.*(pauze)* Ik kin net mear.
- JANNY D.: Bisto no ek al in ferrieder?

GRUTTE PIER: *(hy be weecht fan links nei rjochts, siket nei fijan nen.)* Nee, nee, ik wie it paad even bjuster.

JANNY D.: Kom op, oanmeitsje! De frijheid fan Fryslân stiet op it spul!

GRUTTE PIER: Is dat sa?

JANNY D.: Fansels is dat sa! Allinnich slagget it ús net. De hertoch fan Gelre sil ús helpe.

GRUTTE PIER: Is dat sa?

JANNY D.: Fansels. Tink oan dy ferrekte Hollanners! Wy kinne net oars.

GRUTTE PIER: Nee, nee. Wy kinne net oars.

JANNY D.: Ten oanfal, Pier. *(de skym fan Janny Douwama ferdwynt.)*

GRUTTE PIER: Ja, ja, ten oanfal. *(hy fjochtet mei it swurd tsjin tsjinstanners dy't der net binne.)* Hjir, foar dy. Dy is foar myn frou. Fuort do! Dy is foar it stellen fan it fee. Tsjakka! Dat is foar it delbrânen fan de pleats. En dêr, skoft! Rjocht yn it hert. Dat is foar it rôven fan ús famke. *(hy lit it swurd moede leas sakje.)* Ferjou my leafste. Ik kin net mear.

FAMKE: *(De stim fan it famke út Snits klinkt:)*
Pier! Lytse, lytse Grutte Pier.

GRUTTE PIER: Wa is dêr?

FAMKE: Jou de striid op.

GRUTTE PIER: Ik kin net.

FAMKE: Gjinn frjemde hearsker sil Fryslân ea befrije.

GRUTTE PIER: Nee?

FAMKE: Gjinn frjemde hearsker sil Fryslân ûnderdrukke kinne.

GRUTTE PIER: O?

FAMKE: *(súnstjes, suggestyf)* Staak de striid. Kinst net mear. Bist wurch. Lis de wapens del. Wurch striden is dyn grutte lea.

GRUTTE PIER: Mar ik moat, ik moat.

FAMKE: Moast net mear, kinst net mear. Wêrom mear bloed ferjitte foar al it bloed dat al ferjitten is? Staak de striid.

GRUTTE PIER: Mar Fryslân...(pauze)- gean ik dea?

FAMKE: Fansels giest dea.

GRUTTE PIER: Ik bin net bang. Ik sil fjochtsje.

FAMKE: Brûk dyn moed net om te fjochtsjen. Brûk dyn moed om te stopjen.

GRUTTE PIER: Wa bisto dochs?
(Hy lit it swurd falle en sacket stadich op'e flier. It wurdt tsjuster. De achterbleaune 'liken' op it toniel meitsje dat se fuortkomme. In waarmer ljocht gbeit op. Achter op it toniel stiet in bêd, dêrnjonken stiet it famke. Pier leit op'e grûn, syn swurd is ferdwûn. It famke komt op him ta.)

FAMKE: Pier Gerlofs dochs. Moast op bêd. *(Se helpt him oerein, mar Pier triuwt har fuort.)*

GRUTTE PIER: In strider stjêrt net op bêd.

FAMKE: Dyn striid is striden.

GRUTTE PIER: Wêr bin ik?

FAMKE: Yn Snits, yn dyn eigen hûs.

GRUTTE PIER: Snits? Myn hûs? Ik ha gjin hûs.

FAMKE: Jou dy no mar del, bist wurch.
(Oan de râne fan it toniel ferskine de soldaten en boargers fan krektlyn, mar no as skimen, allinnich yn de nachtklean, sûnder swurden en sa.)

GRUTTE PIER: En wa bisto?

FAMKE: Dat wilst wol.

GRUTTE PIER: En wa binne al dy oaren?

FAMKE: Oaren? Elk is fuort.

GRUTTE PIER: Net wier. Ik sjoch se.

SKYM 1: Hast de striid opjûn, Pier.

GRUTTE PIER: Ha ik de striid opjûn? *(stilte, it famke antwardet net.)*

SKYM 2: Hast ferlern, Pier.

GRUTTE PIER: Ha'k ferlem? *(stilte, it famke antwurdet net.)* Pier hat noch noait ferlern. Ik sil jimme..! *(Hy stroffelt op de skimen ta, mei in sabeare swurd, mar oeral wêr't er is wike se sûnder wjerstân.)*

SKYM 3: De Geldersken hawwe ferlern.

SKYM 4: Fryslân wurdt fan de Bourgondiërs.

SKYM 5: Fryslân wurdt ien mei de Lege Lannen.

SKYM 6: It wie allegear foar neat, Pier.

SYM 7: Bist brûkt troch de hege hearen, Pier.

SKYM 8: Hy hat noait ferlem en dochs neat wûn.
(Pier saket yninoar. It famke komt by him en leit syn holle yn har skurte.)

GRUTTE PIER: Ik kin dy.

FAMKE: Stil mar.

GRUTTE PIER: Sis my, sis ris, sis it...*(pauze)* Ha'k alles ferkeard dien?

FAMKE: O ja, hast hiel wat ferkeard dien, Pier.

GRUTTE PIER: Ja.

FAMKE: Mar holdest fan dyn lân, holdest fan de frijheid, fjochtest foar it rjocht fan dyn minsken.

GRUTTE PIER: En ik ha noait ferlern.

FAMKE: Jawol Pier, ien kear.

GRUTTE PIER: Ien kear?

FAMKE: Doe dy nachts yn Kimswert. Doe hast alles ferlern, dyn fee, dyn hûs, dyn frou -

GRUTTE PIER: Bisto...Bisto ús famke? *(se knikt fan ja)* Wêr wieste?

FAMKE: De Swarte Heap naam my mei. Ik bin flechte, mar rekke it paad bjuster. Ik kaam oeral, mar wie nergens mear thús. Ik wie nergens mear. Ik wie allinnich noch mar yn dyn holle, yn dyn tinken. En dêr seach ik dy fjochtsjen. Wiest liik wurden, doest mem ferlearst, en my, en de pleats. Liik wieste, liik, liik, liik. En gongst fjochtsjen. En hellest oerwinning op oerwinning. En diest minne dingen. En diest goede dingen. Want hiest in

goed hert. Dat seach ik. En doe gongst twifeljen. Dat wie slim. Mar bliuwdest moedich. Stoptest doe'st seachst dat it fjochtsjen gjin útkomst mear bea. Dat wie moedich. En doest stoarst seine de minsken: Pier wie grut. Hy wie liik, mar grut.

GRUTTE PIER: Stoar ik?

FAMKE: Ja Pier, stoarst. Mar dat wie net slim. Stoarst yn myn earms.

(Piers eagen falle stadich ticht.)

Slotfers

(De dolfinen fan it iepening sliet komme wer oanswemmen. Dolly is in bytsje wurch.)

KOAR FAN DOLFINEN: Wy spartelje, wy dartelje
Fleurich wrimelje wy yn it wetter
It wetter fan de Sudersee
Wy spatterje, wy kwatterje
Fan o jûchee, holadi jee
Yn it wetter fan de Sudersee

DOLFYNTSJE DOLLY: Memmy sil wy no nei hûs? *(Mem knikt fan ja)*
At er deaden falle fyn ik it net plús.

HEIT FAN DOLLY: Meisjonge, bem.

KOAR FAN DOLFINEN: O, it is sa dol, fyn ik, sa dol
Dat ik in dolfyn bin
O it is sa dol, fyn ik, sa dol
Dat ik yn it wetter fisk bin

(It refrein wurdt seft herhelle)

DOLFYNTSJE DOLLY: Mar is it wol sa dol
Dat ik in lyts fiskje yn in grutte see bin?

MEM FAN DOLLY: Op de grutte, wide wrâld
Is Dolly mar in lytse fisk
Mar mei lyts te wêzen is neat mis
Is net mei lytse dingen de grutte wrâld fol?

DOLFYNTSJE DOLLY: En de grutte minsk dan?
Dy't fjochtet en winne wol?

MEM FAN DOLLY: Fjochtsje moat soms at it net oars kin
Mar inkeld fjochtsjen yn jesels hat sin.

HEIT FAN DOLLY: De Sudersee is tichtset troch in dyk.
Wy sette no nei Hurderwyk de wyk.
Dêr litt' wy ús troch minskheid wat begnuve,
Mar frijheid, sâlte see, wy kin dy snuve!

KOAR FAN DOLFINEN: O, it is sa dol, fyn ik, sa dol
Dat ik in dolfyn bin.
O it is sa dol, fyn ik, sa dol

Dat ik yn it wetter fisk bin

EIN
